

Nei de Algemiene Gearkomste yn De Haach sil der om 18:30 oere in optreden wêze fan SAMOOSARA.

In optreden fan Samoosara betsjut in muzikale ûntdekkingsreis troch de Jiddyske kultuer. Mei sa no en dan in teatraal útstapke en in moaie poarsje humor.

Samoosara bestiet út: Johan Cnossen (dwersfluit en sang), Wietze de Jong (akkordeon en sang) en Anje de Jong (fioele en sang). De muzikanten komme fan Broek, Lippenhuzen en De Hemrik - sy spylje no acht jaar mei inoar.



Mazzeltof

Mei it nije programma **Mazzeltof** (*lok, of ek wol it goeie dat jo takomt*) bringt de groep 'de laits mei de trien'. Mei it oardel oere duorjende optreden folchje Jiddyske en Hebriuwsk muzyk, ferhalen, gedichten en wizen (grappen) inoar op. Yn de gearstalling akkordeon, dwersfluit en fioele krije de autentike klezmer-meldijen in frisse klank. De muzyk rekket de siele. Samoosara bringt de Jiddyske kultuer op libbendige wize, mei tuskentoch in teatraal útstapke, mar bliuwt trou oan har Fryske woartels. It trijetal noaget ek it publyk út om mei te sjongen.

Springlibben

Samoosara is springlibben. De muzikanten trede op yn tsjerketsjinsten en kulturele sintra yn Fryslân (en sa no en dan dêrbûten), stie op festivals as Peije dei en Tsjoch en wie in pear kear te gast by Omrop Fryslân (Noardewyn Live, Op & Ut, Radio Froskepôle). De spyllist fan Samoosara is fan alles wat; fan religieus oant dûnsmuzyk. 'Wy sjonge yn it Hebriuwsk en Jiddysk, mar ek yn it Frysk om deun by de ynhâld fan de tekst te bliuwen, fertelt Anje de Jong. It trijetal stiet sa'n 25 kear yn 't jier op 'e planken en kiest út in repertoire fan 50 nûmers.

CD & fideoklips

Yn eigen behear brocht Samoosara yn 2014 de earste CD *Mazzel & Broge* út. Yn 2016 bedarre de groep yn de Noorderzon studio fan Sytse Broersma (De Kast) foar opnames fan it liet 'Bern do rinst yn de sinne'. Yn 2019 folgen de opnames fan 'In nije wrâld', 'Ha do famke' en 'Takomst út 't ferline' yn de studio van Jan Roorda. Fan guon nûmers binne fideoklips makke dy't yn KlipKar fan Omrop Fryslân te sjen binne.

Anje de Jong (fioele & sang)

'Ik kom út in muzikaal nêst. Fanôf myn tsiende learde ik oan de muzykskoalle 'De Wâldsang' yn Bûtenpost fioele spyljen. By dizze skoalle song ik ek mei yn in bernekoar. In tal jierren ha ik by it Frysk Jeugd Orkest spile. Jierren letter bin ik oanskood by it Dokkumer Kamerorkest. Ik krige sjongles fan Claartje van Dokkum. Sa no en dan makke ik in útstapke nei in oar muzyksjenre. Sa stean ik op 'e planken mei de Highland Stringband (folk) en doarpsband @hok. Myn man (gitarist) en ik trede ek op as twa-span .

Johan Crossen (fluit & sang)

'Muzikant bin ik fan jongsôf oan. As tsienjierrige begûn ik mei muzyklessen op it blaasinstrument bariton. Oanstutsen troch de dwersfluitmuzyk fan Thijs van Leer (Focus) begûn ik op myn tweintichste mei dwersfluitles, al gau folge troch saksofoan, cello en piano. De sjongaktiviteiten kamen dêrnei.. Ik woe altyd al graach ris de Matthäus Passion meisjonge. Ik waard oannommen. Hjir begûn myn sjongen. Doe folge ik in dirigintekursus wat it dirigearjen fan koaren opsmiet.'

Wijze de Jong (akkordeon & sang & komponist)

'Hoe is it kaam, dat wy foar Jiddyske muzyk keazen ha? As jo weromsjogge soenen je sizze: it is tafal. Mar tafal bestiet net. Wy hawwe alletriije gefoel foar de siele fan dizze muzyk. It is blier en mankelyk. Mei de skiednis fan it Joadske folk yn tinzen, jout it my tankberens dat ik in lyts bytsje bijdrage kin oan it wêzen fan dizze kultuer.

**Website:**

<http://www.samoosara.nl/>

Youtube:

https://www.youtube.com/channel/UC0W_EWJRLEdXGxOtRNpnrjA